

Sicht op



Kryst 2017

Bonefatiustsjerke Ljouwert (Foto : J. Roos)

Sekretaris:	Marijke van der Pol	393309.
Skriuwadres	Kleijenburg 8	
	8801 KN Frjentsjer	
Ponghâlder:	Alte Lourenz	396493.
Diakonij:	Joke Hoekstra	392910.
Kommisjeleden:	Oane de Boer	393628.
	Ep van Duinen:	392894.
	Hidde Frankena:	396980.
	Jan de Haan:	341865.
	Paulus Hettinga	452331.
	Ant Palma	452386.
Hiembehearder:	Appie Reitsma	394348.
	fowhj@kpnmail.nl	
Oargelist:	Evert Dijkstra	395104.
	lemie-evert@hotmail.com	
Kosters:	Harrie Span	394926.
	Piet & Trix Terpstra	850124.
	Thomas Wiersma	394117.
Hiemside	www.fowhjerbeam.nl	

It printsje op side 3 komt út de LC fan 30-11-2017



OP WA LIKET ER?

Op wa liket er? Dat freegje de âlden en oaren har ôf as der in lytse poppe yn de widze leit.

Liket er op de heit of op de mem, of hat er fan beiden wat.

Op wa like de poppe Jezus, doe't er te Betlehem yn de krêbe lein waard? Op wa liket er?

Op syn mem Maria, of op Joazef of op syn himelske Heit?

Dizze fragen kamen by my op, doe 't ik de tekst foar de earste Krystdei oanjûn troch it Oekumenyske Bibelroaster lies, te witten Hebreeërs 1:1-14. As kearntekst stiet dêr:

Hy is de ôfglâns fan Gods hearlikheid en de ôfprint fan syn wêzen: ferske 3 a.

Jezus is troch syn mem as joad berne en sil ek wol de skaaimerken fan it joadkse uterlik hân hawwe.

Mar as wy hearre, dat immen de ôfglâns en ôfprint fan immen is, dan sizze wy, dat er him of har út 'e kop snien is en dat se as twa drippen op inoar lykje, lyk as wy dat somtiden by twillingen sjogge.

Hoe liket Jezus no op God?

Hoe liket Jezus op Gods hearlikheid en hoe liket Hy op syn wêzen? En net ien hat ea God sjoen of hy moast stjerre en koe it net neifertelle seit Exodus 33:20.

It giet dus net om it uterlik, sa't wy mei in earste blik yn de widze sjogge.

It giet om syn wêzen, ja om syn hearlikheid.

Fan God wurdt sein, dat er leafde yn eigen persoan is.

Sterker noch: Gods leafde is ûnder ús oan it ljocht kommen, dat Er syn ienlingssoan yn 'e wrâld stjoerd hat, dat wy troch him it libben fine soenen, skriuwt 1 Johannes 4:9.

Gods leafde glânzget fan Jezus ôf en Gods hearlikheid sit him yn syn ieren en sinen. Dat is noch sterker as twa drippen, dêr 't gjin ferskil tusken sit.

Benammen Johannes tsjûget derfan dat Jezus God út 'e kop weisnien is.

Mar hoe liket dat no mei ús op it Krysfeest fan 2017?

Op wa lykje wy as Kristen-leauwigen?

God hâldt ús yn it minskebern Jezus in spiegel foar.

Mar ús ôfglâns en ôfprint kinne Jezus yn de fierste fierte net belykje. No lykje bern net altiten likefolle op har âlden, mar hawwe dochs wol itselde DNA. Gods DNA is de leafde dy 't himsels weijout. En út dat hout wie Jezus ek snien.

Wy lykje as bern fan God op broer Jezus as wy dy hearlike himelske leafde aloan wer fan ús ôfstriele yn wurden en dieden, ja yn hiel ús hâlden en dragen.

De ôfprintings fan ús libben moat op Jezus sines lykje.

Nee, wy lizze net as ienaaiige twilling mei Jezus yn de krêbe te Betlehem. Mar Hy leit en stiet njonken ús oeral dêr't yn leauwen, leafde in gesicht kriget.

Want wy binne úteinlik allegearre bern fan dy iene himelske Heit. En sa komme wy op de poppeslok op it Krysfeest byinoar om ús oan it bern yn de krêbe te spiegeljen en ús net ôf te freegjen op wa 't Hy liket, mar foar hoefiere wy op Him lykje! Fiere wy sa it Krystfeest en nimme wy ús foar ek yn 2018 op Jezus te lykjen.

ds. Klaas Visbeek.



Krystfeest yn Hjerbeam.



Moandei 25 desimber 2017, earste krystdei, sil der ek in krystfeest wêze yn de Niklaastsjerke fan Hjerbeam.

It wurdt in feestlike krysttsjinst dy begjint om 09.30 oere moarns, mei in kryststâl, krystbeam en fansels ljochtjes en in soad muzyk fan in koper blaas ensemble. Der sille in ferskaat oan ferskes en stikjes spile wurde en songen.

Foargonger yn dizze tsjinst is dûmny K. Visbeek út Dokkum.

Wat soe it moai wêze as dit fiert wurde kin mei de ynwenners fan Hjerbeam. Mei elkoar. Alle Hjerbeamers binne hjirby fan herte útnoege. Wolkom. kom ek en wês der by.

De Kommissje Frysk Oekumenysk Wurkferbân Hjerbeam.



KOMMENDE FIERINGEN YN 'E NIKLAASTSJERKE

7 Jan. Ds. T. Ament Ljouwert

21 Jan. Dhr. G. v/d Veen De Lemmer

4 Febr. Ds. H. Wagenaar Jorwert

Tink er om dizze tsjinst begjint om 11:00

18 Febr. Dhr. P. Speelman Folsgeare

Mei it fammenkoar "greide lûd"

4 Mrt. Dhr. H. Gilliam Penjum

18 Mrt. Da. S. de Vries Sint Jansgea

1 Apr. Dhr. L. v/d Ven Aldeboarn

De Kryststâl

Lyk as de lêste jierren sil ús freon Paulus Hettinga ek dizze Kryst wol wer in kryststâl ynrjochtsje yn ús tsjerke.

In kryststal fine jo ommers foaral by Roomske leauwigen en yn Roomske lannen.

It Evangeelje fan Lukas fertelt fan in krêbe. En om't men in krêbe yn in stâl fynt, is it logysk, dat men mei de Kryst in hiele stâl ynrjochtet.

Yn sa'n stâl sjogge jo altyd in okse en in ezel.

Dy beide bisten komme net foar yn it Krystferhaal .

Harren oanwêzigheid is basearre op in tekst út Jesaja:

De okse en de ezel kenne harren master better as Israel.

Yn 1223 kaam Fransiscus fan Assisi op it ydee fan in libbene kryststâl yn it Italiaanske plak Greccio.

Hjoeddedei fine wy dy yn allerlei farianten oer de hiele wrâld. Foaral Frankryk is it lân fan de libbene kryststallen op pleinen en hiemen, om't de tsjerken dêr yn de Revolúsjetiid sluten wienen.

Yn Nederlân komme jo se û.o. tsjin yn Enter en Den Bosch.

Yn it lêste plak beslacht de stal de lengte fan de hiele Sint Jan, om't de Fjilden fan Efreta dêr ek te sjen binne.

In âldere tradysje as de kryststal is de krystgrot.

De “útfiner” dêrfan is Justinus de Martler (150 n.C.)

Hy basearre him ek op in tekst út Jesaja:-

Hy sil wenje yn in hege spelonk fan in sterke rots.

Grotten en spelonken waarden yn súdlike en eastlike lannen faak brûkt as (meastal tydlike) stallen, sadat in krystgrot ek in logysk ûnderdiel fan it krystbarren yn dy lannen waard.

G.Z.



Fan de ponghâlder:

Opbringsten Frysk Oekumenysk Wurkferbân Hjerbeam
Tredde kwartaal 2017

Kollekten	€
July	221,20
Augustus	227,15
September	<u>207,25</u>
	655,60
Jeften	<u>154,00</u>
Totaal	<u>809,60</u>

Diakonijkollekten	€
2-Jul. Rood voor Brood	100,40
16-Jul. Diakonij	108,00
30-Jul. Sinding	70,40
13-Aug Cordaid Memisa	118,50
27-Aug Wilde Ganzen	67,20
10-Sep It Lichtpunt	126,70
24-Sep Diakonij	<u>57,30</u>
	<u>648,50</u>

Foar alle jeften hertlik tank!

Bankrekkens:

Stichting Frysk Oekumenysk Wurkferbân Hjerbeam:
NL45RABO 0320435156

Diakonij Stichting Frysk Oekumenysk Wurkferbân Hjerbeam:
NL45RABO 0320439550

Ut de kommisje.

Nei it foarige krantsje is der al wer een gearkomst west fan de kommisje en it is dan ek tiid om jimme sicht te jaan wêr't de kommisje mei dwaande is of miskien dwaande sil.

Bousaken.

Yn eardere krantsjes is al neamd it wurk oan de finsters, it fervjen oan de bûtenkant en wurk oan de goaten. Dat is no klear en wy binne der mei ynnommen.

Der is foar de tsjerke in ynstânholdingsplan dat rint fan 2014 oant en mei 2019. It measte dat dêr yn stiet is klear, noch in pear wat lytsere saken bygelyks it herstel fan it foarportaal. De estriken binne hast allegearre stikken.

Yn 2018 sil Monumentenwacht wol wer in ynspeksje dwaan en wy binne benijd wat dêr wer út komt fansels. It dak ?? Einliks moat der ek wat oan oare saken dien wurde sa as it pleisterwurk oan de binnenkant. Miskien wat mear kleur oanbringe? Yn elts gefal skjinner meitsje. De gerdynen moatte ek oanpakt wurde. De gelûdsynstallaasje soe ek wolris nei sjoen wurde kinne en miskien ferfongen. En miskien is it in goede gedachte it ynterieur te feroarjen, de banken der út en mear romte foar it keukentsje en útwreiding fan it oantal toiletten. De romte is no einliks allinnich geskikt foar tsjerketsjinsten. Sûnder banken kin der folle mear dien wurde en it gebrûk útwreide wurde. Yn Hjerbeam is útsein it kafee net sa folle romte foar ferskate saken nei it fuortfallen fan it doarpshûs. Fjirder is it hjoed de dei allegearre individueel en te min mei elkoar. De tsjerke soe dêr in rolle yn folle kinne. Mar troch al de kosten fan de wurksumheden dit jier is it ûnderhâldsfûns foar de tsjerke swier negatyf en sil dêr earst wer it noadige yn moatte foar dat wy wat oanpakke kinne. Jimme sjogge noch genôch om oan te pakken, mar de finansjele middels dêrfoar binne der no noch net.

Skilderijen.

De kommende tiid sille der wer skilderijen fan kosten Harry Span yn tsjerke hingje. Seker de muoite wurdich om te besjen.

Bestjoerssaken.

It is al earder neamd, mar dit jier gean de folgjende kommisjeleden de kommisje ferlitten:
de foarsitter Paulus Hettinga, hij is al goed fjirtich jier kommisjelid, de skriuwer
er Marijke van der Pol- Jorna,
al goed 23 jier kommisjelid, Ane Foeke Hofstra,
12 jier kommisjelid en wie as âld tsjerkeriedslid fan de Herfoarme tsjerke fan Hjerbeam dwaande mei it yn stân hâlden fan de tsjerke,

Oane de Boer, 6 jier kommisjelid en de preekfoarsjenner. Gelokkich is der ek wer ien dy't diel nimt yn de kommisje, frou Ant Palma-Hellema. Sy sil de preekfoarsjenning op har nimme en dat begjint dan foar it jier 2019 want dat freegjen begjint al yn jannewaris/febrewaris 2018!. Fansels nije kommisjeleden binne wolkom. H.F.

Nammen

Foargonger Wiersma syn preek stie 19 Nov. alhiel yn it teken fan nammen. En yndied: nammen binne in nijsgjirrich ferskynsel. Mei ús namme ûnderskiede wy ús fan alle oare minsken. Sa net, dan kinne jo frjemde misfettings krije. Sa hat in achte ynwenner fan Hamburg syn hiele libben lêst hân fan syn namme: Adolf Hitler. Yn de measte lannen hat in minske in foarnamme en in achternamme. De foarnammen binne al tige âld: sy binne bygelyks fan (foar)-Germaanske, Joadske en Romeinske ôfkomst. Sy hawwe allegearre in betsjutting, mar hast gjin minske wit dy fan syn/har eigen namme. Sy slagge ek nergens mear op. Sybren soe de oerwinner fan in bear wêze, Siem soe in stompe noas hawwe moatte, Ynse betsjut yn-gemien en Gerrit is in strider mei de spear. (Mar ik haw noch noait sa'n ding yn 'e hannen hân). Wat dat oanbelanget dogge de Indianen it better: dy krije op harren 20ste libbensjier in by harren pasjende namme. De achternammen binne minder âld. Om it jier 500 n C. hinne hienen de minsken allinne in foarnamme. Dan begjinne de adellike lju sa stadich- oan harren famyljenammen te brûken (Van Aemstel, Van Martena), mar sy wurden ek noch wol neamd nei harren úterlik: Karel de Grote, Karel de Kale, Filips de Schone. Nei 1200 n.C. nimme ek de "gewoane" lju achternammen oan, meastal fan harren berte-as wenplak, bygelyks: Van Marrum, Van Deventer. Hast alle plaknammen yn Braban binne ek achternammen.

Dan wurdt it ek gewoante om jo heite's namme as twadde namme te brûken: Menno Simonsz= Menno Simonszoon. Oant yn myn jonge jierren ta, wie dat op de Fryske doarpen noch sa. Ik wist net better as ús buorlju wienen: Pyt Sytzes, Oane Boeles, Jan Aukes. Janszoon en Willemszoon binne sels de achternammen Jansen en Willemsen wurden As Napoleon de Burgerlike Stand ynfiert yn 1811, hawwe de measte Nederlanners al in achternamme. De oaren moatte dan ien betinke. De Fryske achternammen eindigje meastal op -a. Dêrfoar stiet dan gau ris in foarnamme, in plak as in gebiet (Aukema, Veenstra). Nederlân telt no mear as 200.000 achternammen. Dy bliuwe tige wichtich. G.Z.



Yn Memoriam

Op snein 26 novimber is ferstoarn
Atty Hettinga–Hiemstra,
 frou fan ús foarsitter Paulus Hettinga.
 Op de roukaart hat de famylje setten:
 Nei har ierdske libben hat se no de Frede fûn.
 Dêrby stie in krús en in palmtak tekene.
 Dat wie bewust dien.
 It krús sjocht op it ierdske libben dat in krús
 wêze kin en dat eindigt mei it ferstjerren.
 De palmtak is in teken fan
 de oergong nei it nije libben.
 Yn ferbân dêrfan stie
 Frede
 ek mei in haadletter skreaun.
 Paulus en Atty wiene hast 60 jier troud.
 Ut namme fan FOWH, Hidde Frankena

Yn it liturgyboekje foar de Hillige Mis fan Requiem
wie ek opnommen de Absoute.

Dat is it gebed yn de rooms katholieke tsjerke om
frijstelling fan straf foar in ferstoarne.

Ik nim it diel út it boekje graach hielendal op
want dat wie Atty har leauwen.

Sy wie hiel leauwich en hat dat ek besocht troch te jaan.

Aanbeveling bij God (absoute).

(allen gaan staan)

Pastoor: Om de laatste eer te brengen aan Atty
om recht te doen aan haar sterven, staan wij hier,
rondom het dode lichaam, dat ons van haar is overgebleven.
Wij houden onze ogen gericht op het kruis van Jezus Christus,
en wij spreken uit, in tastend geloof, dat dit niet het einde is,
dat onze God een God van levenden is.

Ten teken van onze hoop dat God aan haar een nieuw
en onsterfelijk lichaam zal geven en om te getuigen van ons
geloof in de verrijzenis zegenen wij haar dode lichaam.
(het lichaam wordt met wijwater gezegend)

Pastoor: Meer dan haar lichaam is ons de naam van deze
mens gebleven. Die naam spreken wij hier uit
met eerbied en genegenheid, Agatha Hettinga–Hiemstra
En wij bidden: dat er niets van dit mensenleven verloren
zal gaan, dat wat zij geleefd en gedaan heeft ten goede
zal komen aan deze wereld; dat al wat haar heilig was
geëerbiedigd mag worden door de mensen die na haar komen,
en dat zij in alles waarin zij groot is geweest tot ons mag
blijven spreken, juist nu zij is gestorven is.
Uit eerbied voor dat alles bewieroken wij haar dode lichaam.
(het lichaam wordt met wierook geëerd).

H.F.

*It Frysk Oekumenysk Wurkferban Hjelbeam
winsket jimme in sillich Krystfeest
en folle lok en seine yn it nij jier 2018*